

Oprjochting fan “de Sékrite”, Fryske Krite fan Lelystêd en omjouwing op 25 novimber 1971

It idee om in Fryske Krite yn'e nije polder op te rjochtsjen, ûntstie yn oktober 1971. De earste ynwenners fan Lelystêd wiene hiel tafallich Friezen, de fam. Sytsma. Doe't efkes letter de fam. Schiere yn Lelystêd kaam te wenjen (dy't al lid wiene fan de fryske krite yn Kampen), waarden hja it al gauwêftich iens, dat der yn Lelystêd ek in krite komme moast. Mei noch in pear oare friezen binne hja doe begûn om by de doarren lâns te gean, om mear minsken der waarm foar te krijen. Inkele fan dizze minsken wurken op it gemeentehûs en wiene sadwaande yn'e gelegenheid, om de listen mei nije ynwenners troch te sjen. As dêr dan in namme by wie, wêr't hja út opmeitsje koene dat it in Fries wie, dan gyngen hja dêr op ôf. Jûnen en jûnen binne hja sa op paad wêst.

Om't Lelystêd in nije stêd wie, kaam it gau'ris foar, dat hja mei trije minsken foar de selde doar stiene. Ien foar de Fryske krite, ien foar de bank (meastal mei in blomke, dy hiene it measte jild) en ien fan de begraffenisferiening. Alles moast hjir doe noch fan'e grûn komme. Ek de agint fan de Ljouwerter krante en it Frysk Deiblêd en de man de SRV-wein hawwe hiel wat nije leden oanbrocht. Op 25 novimber wie dan de oprjochtingsgearkomste yn “de Meerkoet”, it earste restaurant yn Lelystêd. Der wiene doe 34 minsken en de 1^{ste} foarsitter waard Hindrik Schiere. It duorre mar efkes, doe wiene der al 112 leden, werfan 12 wol toanielspylje woene en 22 woene wol meidwaan oan in skotsploech. De earste toanieljûn wie op freed 28 jannewaris 1972 yn'e Meerkoet. De toanielploech út Aldeboarn wie dêr mei it stik “De bekroande earsteling”. De krite hie doe 190 leden, werfan 140 op dy jûn oanwêzich wienen. De muzyk waard fersoarge troch in soan fan Sytsma, mei in bânrykorder. Ek doe wie der ek al in ferlotting (5 lotten foar Hfl. 1,-). Yn die tiid wie der ek faak in ferslachjouwer fan de krante, mei in fotograaf.

Op 23 febrewaris 1973 spile ús eigen toanielploech foar it earst, it stik “Taaie Teie”. Op 12 maart 1974 koe it 300^{ste} lid ynskreaun wurde. De leden kamen eartiids net allinne út de Flevopolder, mar ek út Urk en Elburg. It grutste oantal leden fan ús krite hat 370 west (29 novimber 1975). Wat in ferskil by no, noch mar 80 leden. Op kritejûnen waarden dan de tafels út de seal wei helle, oars koene de minsken der net yn. It sjongkoar waard oprjochte op 8 febrewaris 1976 en de skotsploech op 25 febrewaris.

Spitichgernôch is de skotsploech al wer opdûkt en ek ús toanielploech hie in tekoart oan spylers. Yn 1976 waard troch eigen leden in kabaret opfierd en yn letter jierren noch 3 kear. Wy hoopje dat wy dit oantal leden fan no hâlde kinne en dat it sjongkoar bestean bliuwe kin.

Binne jo noch gjin lid fan ús krite, sjoch dan op ús weblog

<http://www.fryskbutenfryslan.frl>

Dêr kinne jo jo opjaan troch it kontakformulier yn te foljen!!

Meidielingelêd fan de Sékrite



**Oprjochte 25 novimber 1971
Lid fan it Frysk Boun om Utens.**

Jiergong 37

Nûmer 1, Septimber 2022

Rekkennûmer NL 84 RABO 0348 113 889
RABO-bank Lelystêd
Ynskriuwing K.v.k. nûmer 40059396

Hovenier
G. Veenstra

Voor al uw tuinwerkzaamheden

Bolderweg 60^a
8243 RW Lelystad
Tel. (0320) 251 009
Mobiel 06-20056979



**Foar nije
en healsliten
boeken**



kin Jo altyd terjochte by:

Luit en Johanna Dijk

0320 - 412444

luit.dijk@kpnmail.nl

MINSKEN,
wêz dochts tûk
kom nei Valentijn
foar in presintsje
of opsmûk



KUNSTNIJVERHEID
Waagpassage 126,
8232 DW Lelystad.

**It is mei sizzen
net te dwaan!**

Schoen- & Sleutelservice

T. Boonstra
Weversstraat 24,
8223 AC Lelystad
Tel.: 0320-222288



**Als uw banden
versleten zijn,
gooit u uw auto toch
ook niet weg!?**



VAN LIER
SINCE 1815

Voor meer informatie over vakkundige
reparatie van uw kwaliteitsschoenen, kijk op

WWW.SCHOENMAKERSGILDE.NL

It Frysk Boun om Utens

Boek fan It Frysk Boun om Utens.

Yn tarieding op it Jubileumfeest fan takom jier 2023 sil der in Jubileumboek fan it 100 jierich bestean fan It Frysk Boun om Utens útkomme.

In boek fol mei ferhalen en tebeksjen op 100 jier FBoU en mei nammen it sykjen nei in antwurd op de fraach: "Hoe is it yn de frede mooglik, dat it FBoU it al 100 jier foarinoar kriget om safolle Friezen om utens te binen oan har kulturele eftergrûn - it Frysk-wêzen".

Fansels wurdt it boek opfleure mei foto's fan âldsher en jongere tiid.

De redaksje fan dit Jubileumboek wol graach de frije hân ha by it 'oanklaaien' fan dit boek.

Der binne ek foto's by fan leden fan ús krite. It bestjoer fan de krite wol graach witte wa't perfoarst gjin tastimming jout om op hokker wize dan ek mar mei namme en/of foto yn dit Jubileumboek fermeld te wurden.

As der gjin reaksje fan jimme kant komt foar 1 novimber 2022, geane wy der fan út dat elk lid neamd wurde mei en op 'e foto sichtber wêze mei.

Mei dit skriuwen moatte en wolle wy foldwaan oan de regeljouwing binnen it AVG (de privacy-wet), dat is no ien kear sa!

It bestjoer fan de Sékrite.

ferdwynt se ûnder wetter. Prústend komt se wer boppe. It slaggerige kastanjebrune hier hinget har yn slierten om 'e holle. Se rint it strân op en giet njonken har klean yn it waarme sân lizzen. Op slach kin se har alles wer foar de geast helje.

It houlik hie net wêze moatten. Har âlden seagen net safolle yn Wibe. Heit wie boer en yn syn eagen wist Wibe net wat wurkjen wie. Hy wie leaver loai as wurch, neffens heit. Dat hie har stutsen en it wurke dwersferkeard. Tsjin better witten yn, dat jout se no wol ta, hie se de ferkearing trochset, faaks ek om't se miende de jaloerskens fan oare fammen te sjen. Wibe hie dochs mar moai foar har keazen. Efternei besjoen hie se te jong west om alles oersjen te kinnen. Dat woe se doe net tajaan. Geandewei hie se har aloan mear opsletten field. Se hie it gefoel hân as stie der in stek om har hinne, wylst se krekt frij wêze woe. Frij as in fûgel. Dat hie se tsjin Wibe sein, en ek dat se sa net fierder koe. "Dan moattst dermei ophâlde!", hie er sein. Hy wie no ienris net in man fan folle wurden. Se hie it amperoan leauwe wollen. "Ophâlde seiste?" "Ja! Dan hat it moai west. Regelje it mar." In pear moanne letter wie de skieding útsprutsen.

Se giet oerein, sjocht om har hinne en ferstivet fan skrik. Under in wyld bosk kroljend hier wei sjogge twa donkere eagen har ûndersykjend oan. Wa is dat? Wêr komt er wei? Hoelang stiet er dêr al? Op itselde stuit sjit it har troch de holle dat se neaken en bleat op it strân stiet. Se docht in raam nei har klean en hâldt dy foar har lâns. In eintsje fiederop sjocht se in Landrover stean. Dy hat se net oankommen heard. "Giet it wol goed mei dy?", freget er freonlik en sjocht har op en del oan. Se folget syn eagen en beseft dat it in kluchtich byld wêze moat, sa't se derby stiet. "Hoechst dy foar my net te skamjen, hear", klinkt it as gerêststelling. "Kin ik dy faaks earne mei helpe?" Helpe? It rekket har folle mear as se tajaan wol. Se kin har net ferwarre en lit har yn in pear krêftige earms falle. Se fielt dat der djip yn har snaren trilje en in sêfte meldij ûntstiet.

Dit ferhaal waard publisearre yn DE NIJE, jiergong 3, nûmer 4 (desimber 2021), dat eilannen as tema hie.

Ynhâld Meidielingelêd:	side
# Kolofon	1
# Foaropwurd fan de foarsitter	2
# Kritegearkomsten winterskoft 2022-2023, Krittenijs	4
# Nijs fan It Frysk Boun om Utens	5
# Ferlach jiergearkomste 27 novimber 2021	6
# Jieroersjoch Sékrite 2021-2022	8
# Ferlach en sifers sjongkoar.....	11
# Utnûging Jiergearkomste fan 1 oktober 2022	12
# Sifers en begrutting krite	14
# Gedicht: 'Hjerstmis' en Warbere leden	16
# Ferhaal: 'Ungetiidzjen eartiids'	17
# Ferhaal: 'Der wie in tiid... (ferhaal fan Jan Bosgraaf).....	21
# Boek fan t Frysk Boun om Utens	25

De kopij foar it nije krantsje graach ynleverje foar 15 oktober 2022.

Kolofon

Gearstalling fan it bestjoer fan ús Krite:

Foarsitter: Jan Bijkerk, e-mail: sekrite@janbijkerk.nl

Ponghâlder: Jan Koopman, e-mail: jan@zwanenwater.nl

Skriuwer: Luit Dijk, e-mail: luit.dijk@kpnmail.nl

Lid: Yvonne Nederpel, e-mail: ycm.nederpel@gmail.com

Lid: Annie Noppers, e-mail: annie_evenhuis@hotmail.com

Lid: Jantsje Meijer, e-mail: jantsje-meijer@live.nl

Koar: Fetsje Meijer, til: 0320-226317, e-mail: fetsje.meijer@tele2.nl

Kosten: It lidmaatskip is €15,= yn't jier / stipers €10,= yn't jier. Opsizze fan it lidmaatskip moat foar 1 septimber foarôfgeand oan it winterskoft by skriuwer Luit Dijk.

De redaksje en opsmûk fan it boekje: **Jan en Sjoerdsje Bijkerk.**

Kopij opstjoere nei: sekrite@janbijkerk.nl

Eareleden fan de krite: **Albert Postma en Gerrit Kingma.**

FAN DE FOARSITTER.

It is sawat begjin septimber as ik dit foaropwurd skriuw. De sinne skynt noch flink en it is tige benaud waar, in hege luchtfochtichheid. Mar foar de natuer en de lannen is it noch fiersten te drûch. Wy hawwe dit jier oant no ta op in pear plakken fan it lân sa'n 15 oant 30 sm wetter minder hân as gemiddeld. No, dat is ek te sjen, de seediken binne flink brún wurden en de beammen litte harren blêden al falle. Op de sângrûnen is it it alderslimste, wy binne yn Nederlân opgroeid mei de gedachte dat wy ús wetter fan út de see keare moatte: diken, dunen, stoarmfloedkearingen ensfh. Mar tsjintwurdich moatte wy neitinke oer it behâlden fan wetter dat troch de rivieren út Switserlân en Dútslân nei ús leechlizzend lân ta streamt. Der moat mear neitocht wurde hoe wy it wetter fêsthâlde kinne mei reservoirs en keardammen. No sitte wy hjir gelokkich ticht oan it Iselmar, mar as jo yn de provinsje Sêlân wenje, dan meie de boeren ek net sproeie, want dêr hawwe se brak wetter yn de sleatten.

Ja, en as wy it dan dochs oer de boeren hawwe. Dy protestearje manmachtich tsjin it belied fan harren lânsregear. Dat wol de útstjit fan stikstof beheine troch de buorkerij yngeand te feroarjen. De boeren eangje dat hja harren bedriuw oerjaan moatte. It Nederlânske regear wol tige graach mear huzen bouwe, mar de rjochter leit dêr op 't heden gauris it near op, mei't der dan tefolle stikstof frijkomt. Ynstee fan de bouwerij mar oergean te litten moat der oars of minder buorke wurde, is it betinken fan it hjoeddeiske regear. Guon regio's, benammen yn 'e omkriten fan natuergebieten, moatte de stikstofútstjit mei mear as de helte ferminderje. Neffens in protte boeren kin dat hielendal net. Wêr moat dit hinne mei de Nederlânske boeren!

Ja, minsken wat in frjemde tiid hawwe wy no dochs, de kriich yn Oekraïne, te folle stikstof yn de natuer, de priis fan it gas en elektrysk, de ynflaasje van tusken de 7 en 10%, wêr moat dit hinne mei de wrâld?

Gelokkich probearje wy as bestjoer jimme dochs noch wat op te fleurjen mei wer wat moaie optredens yn it kommende winterskoft fan ús krite. Mei de ynfolling fan de gearkomsten binne wy drok dwaande. Wy

fûgel de jûnsstille ferbriek.

Har bewust fan eltse stap, giet se fierder de see yn. Wat is dat dochs? Dat eilângefoel. Dat gefoel fan frijheid dat it eilân har jout. Is it de see, mei syn ivichduorjend ritme fan eb en floed, de einleasheid fan it strân, de dunerige, de bosken mei de rook fan dinnebeammen, de Noordsvaarder of de Boschplaat, de waadkust, de doarpen en buorskippen, de campings of de strânpaviljoenen? Of is it de Brandaris, Oerol, museum 't Behouden Huys of it Bunker Museum, it Stryper Wyfke of de Folkshegeskoalle, boud op de bunkers fan de Atlantic Wall? Of is it faaks De Groene Weide mei Hessel en Tess of it âlde ferhaal fan Sil, de strânjutter, en Lobke? It eilân is sa bysûnder en sa oars as de fêste wâl. It libben is hjir lang sa hastich net. Underwilens stiet se oan 'e mul ta yn it wetter. Mar... hoe koe it mis gean? Hokfoar rol spile sy dêryn? Hie se faaks eat oars dwaan moatten?

Nei twa jier hie it út west mei dy moaie jûnen. Wibe hie deroer klage dat it wetter him te kâld wie en dat der te folle wetterplanten yn de feart groeiden, wylst sy har krekt folle tichter by de natuer field hie as dy wetterplanten har lea kribelen. Hawar, se hie der gjin probleem fan makke, al hie se dy moaie jûnen wol mist. As se al ris tegearre op 'e bank sieten, hiene se beide harren eigen gedachten hân. Wibe hie ek net mear mei fakânsje wollen. It wie him fierstente hjit op dy camping oan de Middellânske See, wylst sy sa geniete fan de sinne, de see en it strân. Sy fielde har sa frij as God yn Frankryk. No ja, as in goadinne. Wibe hie mear each foar de froulju, hie se rillegau murken. It wie soms gewoan beskamsum, hoe't er nei immen sjen koe. As se der wat fan sei, moast se har net sa oanstelle, hie syn beskied west. Op in terraske hie er net fan har glês kâlde pastis priuwe wollen, mar moast er bier hawwe. Jûns nei achten waarm ite, wiene neffens him Frânske fratsen, dêr't er net oan meidie. Tenei wiene se thúsbleaun. Der wie fierders net oer praat. Doch hie it net goed field.

Noch in pear lytse stappen. It wetter spielt har oer de boarsten. De krêft fan it wetter fielt se amper. Suver hypnotisearre sjocht se nei de weagen dy't op har ta rôlje. As yn trance docht se noch ien, twa stapkes. Dan reaget in oanrôljende hege weach har ûndersteboppen en

Nei it moarnsiten is se mei de bus nei Oosterend gien en dêrwei oer de Boschplaat kuiere. By it drinkelingehúske hat se de ynhâld fan har lunchpakket behimmele. En no kuieret se oer it strân werom. Se kin it har oan tiid dwaan. Straks in lekker glês wite wyn op it terras fan Kaap Hoorn en jûn kin se op de folkshegeskoalle oanskowe foar it waarm miel. Yn tinzen bliuwt se stean en stoareaget de see oer. Dan sjocht se om har hinne. Der is gjin mins te bekenen. Se docht de skuon út, stapt linich út 'e klean, rint nei de see en lit har it hast lije wetter fan de opkommende floed om de ankels spiele. Wêr is dat gefoel troch ferdwûn? Wat is der feroare? Wannear binne we inoar kwyt rekke?

Oardel jier letter wiene se troud. Se hiene alhiel gjin liuwen en bearen op 'e dyk sjoen, al wisten se dat se hiel ferskillend fan aard en karakter



wiene. In eintsje bûten it doarp hiene se, troch har wurk op it makelerskantoar, in knap hûs keapje kinnen. Simmerdeis sieten se jûns faak bûten op 'e bank, mei útsjoch oer de greiden en ûnder it geniet fan de swietrook fan hea, dy't as wijreek oer it lân luts. Op in waarme jûn sprongen se oer it sleatsje, rûnen hân yn hân troch twa stikken greide, strûpten de klean út en swommen yn de brede feart. Dêrnei lieten se har troch de lêste strielen fan de ûndergeande sinne oprûgje. Soms wie sa'n jûn einige yn in oerweldigjende frijerij, wylst de lette rop fan in

hawwe dizze kear de gearkomsten oer it algemien nei de middei ferskood. Dêrtroch ferwachtsje wy dat der mear leden op de gearkomsten komme sille. Ik hoopje dat jimme der ek sa oer tinke.

Yn elts gefal begjinne wy op 1 oktober mei ús jiergearkomste, dizze kear op sneon om healwei trijen, wer yn de Krakeling. Foar de fierdere datums en tiden ferwiis ik nei side 4.

No minsken, ik hoopje dat wy dit winterskoft wer 'gewoan ús ding dwaan kinne' en net steurd wurde troch saken dêr't wy sels dochs neat oan dwaan kinne. Oant 1 oktober !!

Jimme kritefoarsitter, Jan Bijkerk.

Ta neitins fan Lous Hesse Brokmann.

Us lid Lous is, yn 'e âldens fan 66 jier, op 14 maaie 2022 ferstoarn.

Lous hat 6 jier lid west fan ús sjongkoar. Sy is lid wurden doe't se mei gie om de plakken yn de bus op te foljen, nei Warns nei in optreden en in útsje fan it koar. Lous hat altyd mei in protte nocht meisongen yn it bysûnder mei de kriistmiddei, doe waard der in lyts toanielstikje opfierd troch de hollandske leden fan it koar en der hie sy ek in rol yn.

Sa 't der op har roukaart stiet:

*It is ús mar liend
de protte moaie dingen,
wat der bliuwt
binne de herinneringen.*

Sa hat sy sels alles noch besprekke en regelje kinnen: "har eigen feestje" sa 't sy sei.

Lous wie der noch net klear mei en hie graach noch wat langer bei ús bliuwe wollen, it mocht spitigernôch net sa wêze. De beide bestjoeren winskje Frans en de bern folle sterkte ta om dit ferlies te dragen.



KRITEGEARKOMSTEN WINTERSKOFT 2022-2023

DATUM	WAT KOMT DER?
1 oktober 2022 Atol Plaza	Fan ôf 14.30 oere oant 17:30 oere, earst de jiergearkomste yn de lytse seal en dêrnei yn de grutte seal mei ferhalenfertelster Sietske Ypenga-Keulen mei fanôf 17:30 oere in buffet mei potiten;
19 novimber 2022	Yn Teäter Posa - de middei fan 14 oant 17 oere - lerske musyk ;
17 desimber 2022	Krystmiddei op de middei om 14:30 oere yn Teäter Posa
14 jannewaris 2023	Nijjiersgearkomste, organisearre troch it lendeisbestjoer yn Atol Plaza fan 14:30 tot 17:30 oere yn de grutte seal
18 febrewaris 2023	Yn Teäter Posa fan 14 oant 17 oere - toaniel / kabaret ;
25 maart 2023	AG FBoU en M- en Y-middei mei dêrnei foar de kriteleden in optreden fan, mooglik by Boerkok

KRITENIJS.

- **As jimme heard ha fan leden dy't siik binne, as oare saken dy't fan belang binne, graach efkes in berjochtsje fia e-mail nei: annie_evenhuis@hotmail.com , dan kin it bestjoer der oandacht oan jaan.**
- As der leden binne dy't oar kritenijs hawwe of wat yn it kritekrantsje sette wolle, graach efkes stjoere nei sekrite@janbijkerk.nl . Yn't foar tige tank.
- Ek dit simmerskoft binne der ús leden ûntfallen:
 - G.F de Boer op 12 april 2022;
 - Lous Hesse op 14 mei 2022 yn âldens fan 67 jier;
 - Henk Lautenbach op 2 juli 2022 yn âldens fan 92 jier.
- Wy hawwe der in nij lid by: **Gerard de Vries** fan it Stêdseilân. Tige wolkom.

Wy meie de adressen fan de pearen dy't harren troudei fiere, net yn it boekje sette, mar as jimme de jubilearende pearen in kaartsje stjoere wolle, as wat oars , dan kinne jimme it adres freegje by Annie Noppers - sjoch side 1.

Der wie in tiid... (ferhaal fan Jan Bosgraaf).


Mei de waarme eastewyn yn 'e rêch dangelet se yn tinzen by de floed-stripe fan it einleaze strân fan Skylge lâns. Dat it prachtige eilân hûnderten jierren ferlyn ûntstien is troch it oaninoar groeien fan in sânplaat en in eilantsje dat justjes eastliker lei, komt net yn har op. Se hat wol wat oars oan 'e holle. Oanhâldend spûkje rigels út in gedicht fan Berber van der Geest har troch de holle: 'Der wie in tiid, dat snaren trillen. En der in sêfte meldij ûntstie as ik dy seach.' Sa wie't yndied. Mar dy tiid wie foarby. Foargoed!

Dy winter hie Wibe har frege om mei him te riden. Dat er net ûnkreas wie, hie se net ûntkenne kinnen, mar dat er ûnbehouwen wie, ek net. Fluitsje nei de froulju, as er yn 'e plantsoenen oan it wurk wie, en harren fan dat ôfwaaide praat neiroppe. En hy wist ek wol fan ynnimmen. Nee, Wibe wie har type net. Mar dat dy har no krekt frege, hie har fernuvere. Hy hie de froulju ommers foar it útsykjen. Hast alle fammen koene de eagen net fan him ôfhâlde. As sy mei Wibe te riden gie, waarden dy faaks oergeunstich. As se dêroan tocht, hie se der al wille om.

Om ta harsels te kommen, is se nei de Folkshegeskoalle Skylgeralân gien. It plak jout har it gefoel dat se yn in oare wrâld en alhiel frij is. De sêfte rûzjende dinnebeammen fan de Hoarnske bosk hawwe suver in hieljende útwurking op har. As se der jûns op bêd nei leit te harkjen, komme har ûnferwachts de simmerkampen út har bernejierren yn it sin. En dy jûn dat se har earste tút krige. Dy jonge hie mear wollen, mar dêr woe se neat fan witte. Apart, dat se dêr no krekt oan tinke moat!

lenkear op redens hie bliken dien dat se mei har goed trainde lea Wibe skoan byhâlde koe en him mei it riden eins de baas wie. Dat er dat mar min sette koe, hie se net opmurken. Nei ôfrin hiene se in skoftke yn it kafee sitten, mar folle praat hie der net yn Wibe sitten. En hy hie ek net bot ynteressearre west yn wat sy fertelde. It hie al tsjuster west doe't se op hûs tasetten. It reedriden, de glühwein en de waarmte fan de auto hiene har wat roazich makke. Op it hiem, efter de pleats fan har âlden, wie it op 'Paradys by it dashboardljocht' útdraaid en hiene der snaren trille.

balken mei in ramt deroerhinne; op 'e efterein siet in opklapboerd en in lang tiemstring om de reak hinne en twa hynders der rjocht foar; de hiele saak waard op in bult skood, dan op de sleep en sa lutsen de hynders it nei de feart, dêr't de preammen ree leine. Twa preammen waarden tagelyk laden, by eltse pream wurken twa man en alles waard mei de hân foarfoarke en op de Knipe gyng it derop deselde wize der wer út.



Hja wiene wol in dei ûnderweis foardat it hea te plak wie. Op sneontejûn kamen se wer thús en dat koe bytiden wol let wurde. Dan sieten de boerinne en de faam yn de saneamde hutte te wachtsjen op de boer en de ûngetiders mei kofje en waarme sûpenbrij, stiene de smarde broggen klear en waarden de leanen útbetelle. It wie al nei tolven as de Kompenijsters wer op hûs ta gongen. Kleie diene se net nei sokke dagen dêr't se fan moarns betiid oant jûns let foar net in grut lean arbeidzje moasten.

Boarne: foar in part *Ut de lapekoer* fan D. van der Woude. Neiferteld troch Jangerben. Foto 's W. Dolstra, Bakkefean en feriening 'De Fryske boerepream'. Fotobewurking Janke Mulder.

It Frysk Boun om Utens

AG en M- en Y-dei 25 maart 2023.

Sneon 25 maart 2023 binne jimme wolkom op de **Algemeine Gearkomste** en de **Moetings - en Ynspiraasjemiddei** fan it Frysk Boun om Utens yn Lelystêd. Dit is noch mei nei oanlieding fan ús 50-jierrich jubileum.



Sneon 16 septimber 2023 100 jierrich Jubileum It Frysk Boun om Utens.

De jubileumkommisje fan it Boun wurket oan de betinking fan it 100-jierrich bestan fan it Boun op 16 septimber 2023. Sjoch foar mear ynformaasje op 'e webside fan It Boun: www.fryskbutenfryslan.fr!

Sietske Ypenga-Keulen wol har graach efkes foarstelle.

Ik kin in noflikke moarn, middei of jûn fersoargje mei folksferhalen, fertellingen en gedichten, dêr't ek nijsgjirrige ynformaasje trochhinne frissele wurdt. Nei myn prèpensioen by Bibliotheekservice Fryslan bin ik begûn om lêzingen te hâlden foar groepen, want ferhalen fertelle doch ik graach en mei in protte wille. En meastentids nim ik ek in tal boeken mei. 'Fertellers yn Fryslân' / 'vertellers in Friesland' is in groep fertellers, dêr't ik ek diel fan útmeitsje. Op ferskate plakken fertelle de leden de moaiste en passende ferhalen. Dêrom komt Sietske op 1 oktober by ús krite.



Ferslach jiergearkomste 27 novimber 2021

Plak : Teäter Posa

Oanwêzich : 19 minsken

1. Iepening.

Iepening troch foarsitter Jan Bijkerk.

De lêste kear dat wy by inoar komme koenen, krekt foar de koroana, wie sawat 2 jier lyn, yn febrewaris 2020.

2. Meidielingen en Ynkommen stikken.

Meidielingen:

Berjocht fan behindering fan:

Fam. Kingma, Fam. Gaastra, Hilly Coenradi, Fam. Wiersma, Fam. Kalsbeek, Fam. Meijer, Fam. Veenstra en Jantsje Meijer.

Wy hawwe noch 87 leden.

De ûndersteande leden binne ferstoarn:

- Sijmen Nieuwenhuis 76 jier;
- Syke Glas van der Veen 90 jier;
- Kees Ypma 96 jier;
- Jaap Bremer 79 jier.

De foarsitter freget der in momint oandacht foar.

Der wiene ôfrûne jier 3 aksjes dêr't wy oan dielnommen hawwe:

- Rabo Club support € 166,58
- Plus Postma € 131,--
- Anjerfûns (digitaal) € 280,--

De besoargers fan de krantsjes wurde betanke foar it rûnbringen.

Ynkommen stikken:

Der binne gjin ynkommen stikken

3. Ferslach digitale jiergearkomste 2020.



makste hynder soe noch skrikke fan de rauwe lûden dy't de manlju út de kielsgatten kamen. Lokkich wiene se yn it hiemsân te lâne kommen. Dat sadwaande hiene se gjin ûngemakken. Doe't se nei in wike meanen en ûngetidzjen de sneons weromkamen, hiene se yn Nijbrêge in pleisterplakje en dêr traktearre de boer. "It wie mar goed," sei ien fan de Kompenijsters, "dat jo de jas mei de beurs net fergetten hawwe. Om my giet it ramt by kafee Moeke op 'e Feanslûs wer oer de kop. Soene jo dan wer in boarrel jaan?"

Sûnder ûngemakken kamen se troch It Hearrenfean en Haskerdiken by de Nije Skou. De skouboer soarge dat it hiele spul oer de Hearresleat kaam fia de Vegelinswei nei it miedlân, de 'tranen' neamd. De tinte waard opset en op 'e grûn fan in fikse laach hea en gers fersjoen. De winige kant waard goed tichtstoppe. De tinte wie in fjouwerkante lape. Twa iken stokken (mantsjes) op de beide eienen yn de grûn en yn de gaffels fan de mantsjes waard in stok deroer hinne lein dêr't it tintekleed oerhinne kaam. Alles goed fêst en de tinte wie klear. Gjinn lekkens of tekkens, de boppeklean kamen de hiele wike net út. As it hea safier wie, kaam de heasleep deroan te pas. Dat wiene in pear grouwe sleep-

As de hantsjemieren de put derút hiene, teagen se wer nei harren heitelân werom. Dat wie net sûnder gefaar. Hja waarden dan bytiden opwachte troch minne lju dy't harren berôvje woene. By Bakkefean is neffens oerlevering in jongeflich hantsjemier berôve en fermoarde. Foarby de Beakendyk is in tinkmonumint fan giele stientsjes makke, yn de folksmûle it Poepekrús neamd.



As it healân fier fan de pleats ôf wie, moasten de mieren sels foar harren iten soargje. In boer yn Boppeknipe hie in pear hantsjemieren út de Kompenije (Jobbegea). Dy waarden mei in heawein mei in ramt derop teplak brocht. Se namen foar in hiele wike iten mei: in grutte Keulske krûk mei sûpenbrij, in grouwe panne mei bret spek, brune beane, grouwe stro ('*jan yn 't himd'*), rogge- en krintebrea, in fetpantsje mei smarsel, mealde kofje, pakjes tee en sûker. Somtiden namen se ek in geit mei foar de molke. As it waar wat gaadlik like, wiene de twa Kompenijster ûngetiders op moandaitemoarn om fjouwer oere presint en dan giene se op 'e heawein mei twa hynders oan 'e langtiksel derfoar op wei. Op de sydsketten fan de wein lei in hearamt om de wein yn de breedte belade te kinnen. Se sieten dan op it ramt foarinoar oer. No moast mei sa'n ramt wol it lykwicht yn acht nommen wurde, want net elkenien hat net itselde gewicht. Sa moasten bygelyks grouwe minsken foarinoar oer sitte. Alles wat de Kompenijsters mei hawwe moasten lykas de tinte en it itensguod foar in hiele wike, wie op de wein laden. Doe't se fan it hiem ôfrieden gie it mis, de boer, in grouw persoan kaam it yn it sin dat er syn jas mei de beurs deryn fergetten hie, dat hy joech de feint de leie en sprong fan de wein. Mar dat hie gefolgen, it lykwicht wie ynienen ferbrutsen. It ramt sloech oer de kop en dêr leine se beide neist de tsjillen fan de wein te spinfuotsjen. De tredde dy't neist de boer siet makke in loftreisike. De feint helle as de wjerljocht de bout út de langtiksel. Sels it

Hjiroer binne gjin fragen kommen. It ferslach wurdt goedkard.

4. Jieroersjoch Sékrite 2020 – 2021.

Hjiroer binne gjin fragen kommen. It ferslach wurdt goedkard.

5. Ferslach fan de ponghâlder.

Der binne gjin fragen oer de sinteraasje. De sifers fan 2020-2021 wurde goedkard.

6. Kaskontrôle.

Iemkje Kuiper en Anke Schier hawwe de boeken kontrolearre. De boeken binne yn oarder befûn. Dêrmei ferliene de leden de ponghâlder en dêrmei it bestjoer desjarzje en de ponghâlder wurdt betanke foar syn wurk, lykas de kaskommisje.

7. Beneamen fan nije rekkenopnimmers.

Iemkje Kuiper is twa jier rekkenopnimmer west en is ôfgeand. Anke Schier is it kommende jier de rekkenopnimmer tegearre mei ?. Der is gjin oanmelding op de gearkomste, de fraach komt noch yn it krantsje. Letter hat Eabele v.d. Veen him beskikber steld as twadde kontroleur.

8. Begrutting 2021/2022.

Der binne fierder gjin fragen oer de begrutting. De begrutting is akkoard.

9. Ferslach en sifers fan it sjongkoar.

Der is gjin ferslach, it koar hat neat dien troch de koroana. Der binne gjin fragen oer de begrutting.

10. Bestjoersferkiezing.

Dit jier is Luit Dijk oan bar om ôf te gean. Der binne troch de leden gjin tsjinkandidaten binnen kaam. Luit is opnij beneamd.

11. Programma foar it kommende winterskoft.

- 18 desimber 2021 - krystmiddei (giet net troch)
- 22 jannewaris 2022 - nijjiersbesite;

- 26 febrewaris 2022 - Kritejûn mei toaniel;
- 9 April 2022 - Jubileumfeest Sékrite en Sjongkoar;

12. Omfraach.

Anke Schiere:

Kin der yn it krantsje ek it adres derby set wurde fan dejinge dy siik is.

Antwurd. Yn it ramt fan privacy kin dit net, mar der kin altyd mei Annie skille wurde om it adres. Der binne fierder gjin fragen fan leden mear by de skriuwer binnen kommen.

Albert Postma:

Betanket it bestjoer foar de attinsjes tidens de koroana en foar de fruitkoer foar harren troudei.

Luit Dijk, skriuwer.

Jieroersjoch Sékrite 2021-2022

Bestjoer

It bestjoer is dit jier 6 kear digitaal en 1 kear fysyk byinoar west. Foaral om it jubileum te regeljen.

Fierders ûnderhâlde wy as bestjoer kontakten mei it Diel Midslân en It Frysk Boun om Utens.

Jiergearkomste op 27 novimber 2021

Fanwegen de koroana earder yn't jier wie dit jier de jiergearkomste wer op de jûn. De iepening fan de gearkomste wie om 19.30 oere. Om 20.00 oere, nei de gearkomste, hat Fryaz ús fermakke mei ferskes en ferhalen.

Der wiene 19 leden op de jiergearkomste, wêrmei wy alle wichtige saken oangeande ús krite efkes troch nommen hawwe. It jieroersjoch fan de skriuwer en de sinteraasje fan ús ponghâlder wie allegear tige yn oarder. Luit Dijk wie ôfgeand. Luit hie him wer beskikber steld. Der wiene gjin tsjinkandidaten en Luit is troch de gearkomste wer foar 3 jier

Ungetidzjen eartiids (ferhaal)

In protte lju sille net mear witte wat dermei bedoeld wurdt, haaie, it hea ynhelje. Mar foardat it safier wie, kamen earst de hantsjemieren, meast út it Dútske West-Falen, om it gers mei de seine te meanen. Hja hiene in tintsje mei, dat by it haailân opset waard, dêr't se dan nachts yn slepten. Dat meanen waard foar in fêststelde priis oannommen. It middeismiel krigen se meastentiids fan de boer dêr't se foar oan it meanen wiene. Der waard trochmeand oant it tsjuster wie en moarns ier en betiid begûnen se wer.



Dit ferhaal giet dat der in deune boer wie dy't it begrutte dat dy mieren safolle fertsjinnen mei har hurd wurkjen en de lange dagen dy't se makken. Hy liet de boerinne skytpoeier troch it iten dwaan, sadat se oan de skiterij rekken. Hy tocht, dan sille se wol net mear sa hurd wurkje en dogge se langer oer it wurk foar deselde priis. Mar hy hie ferkeard tocht, de mieren meanden yn de bleate kont fierder en sa waard it lân tagelyk ek noch bedonge.

Hjerstmis

**Tsjin te hege wetterstannen
heakket in hekkel yn silhûet
't Skouder bûcht, want hat ferlet
fan plant en kroas yn lege lannen**

**'t Mes fret troch de rûge rannen
bluisterich lossen lang om let
as Mem Natuer sels yn ferset
tsjin 't ramen fan syn hurde hannen**

**D' âlde dridze, fiis en foazich
follet de dize neist reagerskreau
Blabze spat op wangen roazich**

**as hy hantearret 't boerereau
Lett'roan lykwols grânzget er boazich
om't mesinemaleur him hjirta dreau**

Hedzer Oostrâ .

Warbere leden.

Foar ús leden is it hiel gewoan dat der eltse wintermoanne in krantsje fan ús krite troch de bus falt. Fansels giet dat net fansels, der binne inkele warbere leden, dy't troch waar en wyn de krantsjes fan de krite by jimme lâns bringe.

En dy leden wolle wy graach efkes in plúmke jaan:

Dat binne:

Albert Postma, Eabele van der Veen, Johannes en Wytske Fransen en Wiebe en Rennie Huizinga (foar Biddinghúzen).

Bêste besoargers, tige tank foar jimme krewearjen. As bestjoer binne wy der fansels tige bliid mei dat jimme dit foar de krite dwaan wolle.

Wy sille der op de jiergong noch wol efkes op werom komme.

De measten hawwe tasein it ek dit jier wer te dwaan!!

keazen.

Ynspiraasjedei

Der is gjin kaderwykein mear, mar der binne ynspiraasjedagen hâlden op 9 oktober 2021 yn Hurderwyk en op 26 maart 2022 yn Reeuwijk.

Kritejûnen/ middei.***Fryaz op 27 novimber 2021***

Fryaz bestiet út Gjalt de Jong (ferteller en sang), Ietsje Meems (sang en fioele), Kees Hofstra (sang en gitaar) en Paul Siemensma (sang en akkordeon). Der wiene 25 minsken op de jûn.

Krystmiddei op 18 desimber 2021.

Gie net troch yn ferbân mei koroana.

Op 22 jannewaris Nijjersbesite 2022.

Gie net troch yn ferbân mei koroana. Om dochs kontakt mei de leden te hâlden, is it iendeisbestjoer lâns de doarren gien mei in presintsje foar de leden.

Op 26 febrewaris 2022 op 'e middei mei Bennie Huisman.***Jubileumfeest op 9 april 2022 , fan it sjongkoar (45 jier) en de krite (50 jier) by Boer Kok.***

Op dizze middei wienen, njonken de praatsjes fan Jan Bijkerk, Wytske Fransen en wethâlder Madelon van Noort, optredens fan Griet Wiersma, Piter Wilkens en it sjongkoar. De middei is ôfsletten mei lokale lunsjgerochten fan Boer Kok.

Dielgarkomste diel Midslân

Gie net troch yn ferbân mei koroana.

Jiergong fan It Frysk Boun om Utens

Op 9 oktober 2021 , AG en Moetings- en ynspiraasjedei yn Hurderwyk. Op 26 maart 2022, AG en Moetings- en ynspiraasjedei yn Reeuwijk.

Anjerfûns

Dit jier is der net rûn yn ferbân mei it koroana firus. De aksje is fia Whatsapp hâlden, wat hiel wat nijs is foar de krite. It hat dêrom dit jier neat oplevere.

Rabo support aksje

Hjiroan hawwe wy foar it 3e jier op rige oan meidien. Dizze aksje hat foar ús sa'n € 297,= oplevere.

Plus Postma

Dizze aksje hat € 131,-- oplevere.

Luit Dijk.

Ferstoarn: Frau Lautenbach op 22 desimber 2021	87 jier;
G.F. de Boer op 12 april 2022;	
Lous Hesse op 14 mei 2022	67 jier;
Henk Lautenbach op 2 juli 2022	92 jier.



Skûtsjesilen op de Veenhoop

JIERGEARKOMSTE WINTERSKOFT 2022—2023 op 1 OKTOBER 2022

<<<<<< GRAACH YNLEVERJE FOAR 24 SEPTIMBER >>>>>>

Sa as jimme lêzen hawwe, nûget it bestjoer jimme út foar de Jiergearkomste foar it winterskoft 2022—2023 Wy wolle graach wer it saaklike mei it gesellige ferbine.

Wy begjinne om 14:30 oere mei de jiergearkomste. Dêrnei, om sa'n 15:45 oere, is der in optreden fan Sietske Keulen. Om 17:30 oere kinne wy oan it buffet mei potiten (stampot) mei yn it skoft en tuskentroch gedichten, ferhaaltsjes en foardrachten. Fansels wol it bestjoer graach witte hoefolle leden der op de jiergearkomste komme.

Wy wolle jimme freegje ûndersteande fragen te beäntwurdzjen:

- ◆ Binne jo fan doel om op 1 oktober nei de jiergearkomste te kommen JA / NEE
- ◆ Mei hoefolle minsken komme jo op de jiergearkomste persoanen
- ◆ Ik wol graach meidwaan oan foardrachten / ferhaaltsjes / gedichten JA / NEE
- ◆ Ik doch mei oan it potiten (stampot buffet) (trochkrasse wat net fan tapassing is)

In mailsje nei sekrite@janbijkerk.nl as skilje nei nûmer **06 537 660 61** kin ek (foar 24 septimber)!

HJIR STIENEN DE SIFERS EN BEGRUTTING fan de krite**Jieroersjoch fan it sjongkoar.**

Troch koroana binne der in protte sjongjûnen ferfallen, krekt as ús Krystmiddei en de Nijjierbesite. Ek binne der koarleden ferstoarn: 22-12-21 Frou Lautenbach yn 'e âldens fan 87 jier. Begjin maart 2022 koenen wy wer begjinne mei ús repetysjes foar it jubileumfeest by Boer-Kok. Mei in optreden fan Gryt Wiersma en Piter Wilkens en net te ferjitten ús eigen sjongkoar, ûnder lieding fan Jelma Wiegersma en de begelieding fan Sylvia Joustra en Fred Soelen, in tige slagge dei. Op 19 april '22 hawwe wy de slútjûn fan it koar hân – de earsten gienen al wer mei fakânsje. Op 14 maaie is hommels ferstoarn ús lid Lous Hesse, noch mar 66 jier âld. 24 maaie wie de kremaasje en inkelde leden wie ne der oanwêzich.

21 septimber om 20 oere begjinne wy wer te sjongen yn 'De Windroos', Karveel 22-28, 8231 BG Lelystêd.

Nije leden binne wolkom.

Gr. Fetsje Meijer 0320-226317 / 06-15485427.

HJIR STIENEN DE SIFERS EN BEGRUTTING fan it sjongkoar

It bestjoer fan de Sékrite nûget harren leden út foar It bywenjen fan de **JIERGEARKOMSTE**

op sneon 1 oktober 2022 om 14.30 oere

yn de Krakeling, Atol Plaza, Schor 15 yn Lelystêd.

Kosten fan de hiele middei, ynkl. potiten, binne € 12,50

Dit jier sil, lyk as de eardere jierren foar de koroana, de jiergearkomste wer mei iten en foardrachten oanklaaid wurde. Sa as jim sjen kinne, hawwe wy de gearkomste no op sneon yn pleats fan freed, en begjinne wy wat earder. Dit jier dogge wy it wol wer mei potiten, dat is ferline jier net slagge fanwegen de koroana. It bestjoer fynt dat de jiergearkomste, nêst de saaklike kant, ek in gesellige kant hawwe moat. Jimme kinne dan genietsje fan in, troch de Krakeling fersoarge potiten. En inkelde fan ús leden dogge stikjes tusken de ferskate ûnderdielen troch: gedichtsjes, ferhaaltsjes as foardrachten. Ek hawwe wy Sietske Keulen útnûge om ús genietsje te litten fan har moaie ferhalen.

Om te witten op hoefolle minsken de Krakeling rekkenje kin mei it iten, wolle wy graach foar 24 septimber o.s. fan jimme hearre hokker leden der op de gearkomste komme. Sjoch hjir nêst en op side 15, foar it ynfoljen fan it formulier.

Wurklist :

1. Iepening (14:30 oere)
2. Meidielingen.
3. Ynkommen stikken.
4. Ferlach jiergearkomste 27 novimber 2021 (siden 6 oant 8).
5. Jieroersjoch Sékrite 2021-2022 fan de skriuwer (siden 8 oant 10)
6. Ferlach / sifers fan de ponghâlder oer 2021-2022 (side 14).

7. Ferlach en sifers fan it sjongkoar (side 11).
8. Kaskontrôle.
9. Beneamen nije rekkenopnimmers.
10. Begrutting 2022 - 2023 (side 14).
11. Bestjoersferkiezing. Annie Noppers en Jan Bijkerk binne ôfgeand. Sy stelle harren wer foar trije jier beskikber. Komme der foar 15 septimber gjin tsjinkandidaten by de skriuwer Luit Dijk, dan docht it bestjoer it útstel om de twa ôfgeande bestjoersleden wer yn it bestjoer op te nimmen.
12. Programma foar it oankommende winterskoft (side 4).
13. Omfraach.
14. Sluting.

15:45 oere: Sietske Keulen komt dizze middei fersoargjen mei folksferhalen, fertellingen en gedichten . Sy flechtet der ek nijsgjirrige ynformaasje trochhinne.

Foar mear ynformaasje: sjoch side 5.

17.30 oere: buffet mei Potiten en tuskentroch, ek yn it skoft nei de jiergearkomste, nimme wy de tiid foar ferdivedaasje: ferhaaltsjes, gedichtsjes en foardrachten fan ús eigen leden.

TINK DEROM! OPJAAN FOAR 24 SEPTIMBER 2022

Foar de leden dy't harren noch net opjûn ha, om mei te dwaan oan it potiten as in ferhaaltsje, gedichtsje as foardracht dwaan wol-le, kin dat dwaan troch it briefke op **side 15** yn te follen of fia de e-mail sekrite@janbijkerk.nl op te jaan of troch in telefoantsje nei Jan Bijkerk : 06 53766061 . Yn't foar tige tank.